

Wêr moat it hinne mei Krúspunt?

Sipke Huismans,
Stienwyk, 30 maart 2020

Gearfetting

De enkête ûnder 155 stipers fan Krúspunt is beäntwurde troch 47 stipers.

It blykt dat de stipers de webside hast net brûke.

De webside wurdt brûkt om materialen foar tsjerketsjinsten en Kristlike gearkomsten te finen.

Krúspuntdei wurdt yn it algemien posityf wurdearre.

De groep hat hiel wat advizen foar Krúspunt. Dizze binne safolle mooglik opnaam yn it ferslach. Men hat hiel wat goede rie: mear de publisiteit sykje, mear oparbeidzje mei de dielnimmende organisaasjes, mear kontakt sykje mei de jongerein, de webside mear ynteraktyf meitsje, ensfh..

Al dizze suggestjes moatte bestudearre wurde. Se binne in goede basis foar fierdere diskusjes oer de takomst fan Krúspunt.

It bestjoer fan Krúspunt hat besletten om in fragelist rûn te stjoeren oan alle leden en donateurs. Der binne 135 donateurs mei de mail oanskreaun en oan 20 donateurs sûnder e-mailadres is in fragelist mei antwurdslyf stjoerd. Nei in pear wiken wachtsjen ha wy elkenien noch in oantrunen tastjoerd.

It resultaat is dat 47 persoanen antwurde ha.

Dat is miskien mar in lyts groepke, mar it is de muoite wurdich. It binne de stipers, dy't har ynsette foar de Kristlik Fryske saak. Dat blykt al daliks út de antwurden, dy't se jouwe op de earste fraach.

3. Hoe wichtich is foar jo de organisaasje Krúspunt?

De antwurden koene jûn wurde tusken 1 (hielendal net wichtich) en 10 (uterst wichtich).

It gemiddelde antwurd wie 7,5. Op 4 minsken nei (mei 2, 2, 3 en blanko) ha hja antwurden jûn boppe de 6. En fierhinne de measten (30) minsken jouwe in belang fan 8 of heger oan.

4. Hoe faak sjogge jo op de webside Krúspunt?

De antwurden op de twadde fraach meitsje dúdlik hoe'n bytsje dizze groep de webside Krúspunt brûkt: Gemiddeld minder is 1x yn de moanne. As men in fraach hat, sjocht men wolris op de webside, mar meastal net. Dat jildt foar de hiele groep. De folgjende fraach wie:

5. Wêr binne jo op de webside fan Krúspunt nei op syk?

Hjirûnder jo ik in oersicht fan de antwurden. De antwurden binne yn de folchoarder fan it belang dat men takent oan Krúspunt. De earste antwurden binne hieltyd fan dejingen dy't de organisaasje Krúspunt uterst wichtich fine, de lêste antwurden binne fan dejingen, dy't Krúspunt net sa wichtich fine.

Foar de analyze binne 4 groepen brûkt:

1. De 8 minsken, dy't wichtigens 10 en 9 oanjûn ha.
2. De 22 minsken, dy't wichtigens 8 oanjûn ha.
3. De 13 minsken, dy't wichtigens 7 en 6 oanjûn ha
4. De 3 minsken, dy't wichtigens 3 en 2 of gjin wichtigens oanjûn ha.

Op dizze wize hoopje wy wat ynsicht te krijen yn de eftergrûn en de wichtigens fan de reaksjes.

Groep Wichtigens 10 en 9:

- Materiaal foar Frysktalige tsjerketsjinsten
- Ynformaasje oer liturgyske sake yn it Frysk
- Nije lieten
- Fryske oersettings (bgl. fan Opwekkingslieten);
- Fryske preekjende foargongers ensfh.
- Frysk materiaal foar tsjerketsjinsten en spirituele sesjes
- Oft der ek wat oer myn muzyk (optredens, cd, oersettingen) op stiet, of in link dêrhinne.
- E-mailadressen fan meiwurkers om wat te freegjen

Groep Wichtigens 8:

- aktiviteiten
- Aginda en nije oanwinsten
- Gegevens oer aktiviteiten
- Algemiene en bytiden spesifike ynformaasje
- Ynformaasje
- Sjoch ik nea op
- Efkes sjen nei de aktiviteiten
- Materialen foar de earetsjinst en oersjoggen fan tsjinsten, Frysk preekjende dûmnys en ynspirearjende foarbylden fan lieten en teksten.
- Ynformaasje oer Leauwe yn Fryslân, ferskate nijsberjochten
- Stimulearring fan it Frysk yn tsjerke en it geastlik libben
- Ik sjoch der noait op
- Ynformaasje oer aktiviteiten
- Ferskate dingen: Frysk liturgyske wizen fan sizzen. In petear Fryske literatuer en Bibelske spiritualiteit
- ik sjoch der nea op
- Nijs en oertinkingen
- Ynformaasje oer aktiviteiten
- Lieten, (tekst kopiearje)

Groep Wichtigens 7 en 6:

- Dielnimmende organisaasjes
- Sjoch der suver nea nei
- Eins haw ik der noch mar selden op sjoen
- Nearne.
- Ideeën foar kryst- of peaskeliturgieën of in list mei Frysk preekjende dûmnys.
- Ik sjoch der eins nea op
- Meditaasjes, lieten
- Kom noait op de webside
- Ik ha de webside nea besjoen

Groep Wichtigens 3 en 2:

- Noait
- Ik sjoch der noait op
- sjoch noait

Konklúzje:

As men dit sa oersjocht sykje minsken dy't belutsen binne by Fryske tsjerketsjinsten of Kristlike gearkomsten materialen en ideeën op Krúspunt. Dy minsken hoopje ek út te finen hokker aktiviteiten der binne. Se fine it net altiten. Dat blykt út de antwurden op de folgjende fraach.

6. Wat misse jo op de webside fan Krúspunt?

De antwurden binne opnij werjûn op deselde folchoarder.

Groep Wichtigens 10 en 9:

1. De Fryske Bibel direkte keppeling mei NBG Fryske bibelteksten en teksten út it Lieteboek
2. Kin ik sa net sizze
3. Aktuele ferhalen, ferslaggen.
4. Mis neat

Groep Wichtigens 8:

5. Nijs foar de jongerein, soe fia 'Faceboek' moatte
6. Neat
7. Soe ik net witte
8. Krúspunt is in foarbyld fan in "Language Nest" (begryp fan de Aborigines): feilich plak foar ússels sûnder oare minsken bûten te sluten. It is perfoarst de muoite wurdich om in skripsje skriuwe te litten oer it belang fan dit "Language Nest" foar it trochgeand funksjonearjen fan it Frysk as taal fan tsjerke: liturgy en pastoraat.
9. Miskien wol eat fan it útstrieljen fan beweging en mienskip, bgl. troch in blog
10. Foldocht prima foar my
11. Petear, sjoch 3
12. N.f.t.
13. Ik sjoch der nea op
14. Neat wichtichs wat ús oanbelanget
15. Dreech, it is in toer om te finen, wat nedich is foar in tsjinst

Groep Wichtigens 7 en 6:

18. Wit ik net
19. Juster in skoftke op de side sjoen en konkludearre, dat it in goed fersoarge side is, mei relevante gegevens en aksjeberjochten. Mar der is yn 't algemien in protte te dwaan yn de maatskippij, safolle dat je wat oerladen wurde, mar ek dat aktiviteiten net mear goed ta harren rjocht komme."
20. Ik soe it net witte.
21. Ik mis neat.
22. Gjin kompjûter
23. Gjin antwurd

- 24. N.f.t.
- 25. N.f.t.
- 26. Neat

Groep Wichtigens 3 en 2:

- 27. Niks
- 28. Wit ik dus net
- 29. Sjoch boppe

Konklúzje:

Dúdlik is dat men graach ha soe, dat men makliker oan bibelteksten en lieten mei muzyk derby komme soe. Fierders soe men graach de jongerein der wat mear by belûke wolle.

7. Hoe faak ha jo in Krúspuntdei besocht?

Fan ús respondinten ha 31 minsken wolris in Krúspuntdei besocht. Gemiddeld hat de hiele groep 3,5 kear de Krúspuntdagen besocht.

As wy de minsken wer ferdiele nei wichtigens, dan blykt it folgjende:

Groep Wichtigens 10 en 9:	gemiddeld oantal Krúspuntdagen: 2,1
Groep Wichtigens 8:	gemiddeld oantal Krúspuntdagen: 4,7
Groep Wichtigens 7 en 6:	gemiddeld oantal Krúspuntdagen: 2,8
Groep Wichtigens 3 en 2:	gemiddeld oantal Krúspuntdagen: 0,3

De pyk fan it besykjen fan de dagen leit by de groep, dy't Krúspunt in 8 jout. Wierskynlik hinderet leeftiid de groep, dy't Krúspunt it meast wichtich fynt om te kommen.

8. Wat fûnen jo fan de Krúspuntdagen?

De 31 minsken, (66% fan de hiele groep) dy't de krúspuntdagen besocht ha, koene oanjaan, wat se der fan fûnen: gesellich, ynformatyf, goed organisearre, goede lingte fan de dei.

De resultaten binne:

Gesellich	seit 60%
Ynformatyf	seit 70%
Goed organisearre	seit 80%
Goede lingte fan de dei	seit 70% (30% fynt de dei te lang)

By de 15 minsken minsken, dy't 7x of faker in Krúspuntdei besocht ha lizze dizze persintaazjes wat heger:

Gesellich	seit 90%
Ynformatyf	seit 80%
Goed organisearre	seit 80%
Goede lingte fan de dei	seit 80% (20% fynt de dei te lang)

Konklúzje: It blykt, dat de dagen aardich goed foldogge by de minsken, dy't de krúspuntdagen besocht ha. Foaral: gesellichheid helpt om werom te kommen. En de lingte fan de dei skrikt guon ôf.

9. Wat soe better kinne?

Dizze fraach gie oer krúspuntdei, mar hy is faak wat breder beäntwurde. Hjiûnder wurdt rapportearre, wat der opskreaun is.

Groep Wichtigens 10 en 9:

1. Dat ik mear tiid hawwe soe om nei de krúspuntdagen.
2. Trochsette
3. Harsels útnûgje op in tsjerkeriedsgearkomste mei ynformaasje oer in te organisearjen gemeentejûn
4. It wie my wol nei't sin
5. It mei om my wol wat kompakter kwa tiid.
6. Ik bin 93 ik kin net mear op gearkomsten komme.

Groep Wichtigens 8:

7. konkrete aksjepunten fan oansletten organisaasjes, wêr 't we mei-inoar oan wurkje kinne.
8. wit ik net
9. stil sa troch gean
10. Ik soe it net witte
11. Krúspunt kin him prima presintearje as in "vraagbaak" foar fragen en ûnderwerpen yn de sektor fan "Frysk en Tsjerke". Krúspunt kin ek de funksje op him nimme fan "opinylieder" oangeande dizze ûnderwerpen troch geregeldwei in "blog" op de website te pleatsen of in moaie preek / meditaasje yn geef Frysk; óf sels in "podcast" te publisearjen.
12. Wat der dien is is goed genôch. Mar lykas de tsjerken stiet ek Krúspunt foar de útdaging om taal en foarmen te finen foar leauwen en (tsjerke)mienskip wêzen yn de hjoeddeistige kontekst. Altemets noch mear mei-inoar sykje, hokker taal en foarmen hjoed-de-dei nedich binne, frege wurde...
13. Jongerein en jong folwoeksenen der mear by belûke
14. gjin idee
15. Mooglik soenen oansletten organisaasjes in ynbring ha kinne. It programma is goed, mar as in organisaasje mei wat nijs dwaande is dan soe op de Kruspuntdei soks nei foaren brocht wurde kinne.
16. in [aktualisearre](#) list mei Fryske foargongers online sette

Groep Wichtigens 7 en 6:

17. der ien deidiel fan meitsje.
18. soe ik sa gau net witte
19. Ik kin net alles mear byfytse en belibje de Krúspuntdei benammen om wer better op de hichte te reitsjen fan alderhande dingen dy't der dien wurde.
20. Wit dat net, want troch tiidkrapte, ha' k der noch mar ien kear west.
21. ik ha der nea west en der gjin oardiel oer
22. ynhâldliker tema's

Wichtigens net oanjûn:

23. Wy binne de Fryske taal tige tagedien. Binne lid fan 'e Fryske Krite yn Burgum, lêze út de 'e Fryske Bibel ensfh.. Mar mei Krúspunt ha wy net folle dien. Net as wy dat net belangryk fine, it komt der gewoan net fan.

8. Wat soe Krúspunt as organisaasje mear en oars dwaan kinne?

Groep Wichtigens 10 en 9:

1. Mear reklame meitsje foar krúspuntgearkomsten yn de media
2. Ik haw der noch nea west. It libben is te drok as jo bûten it gewoane wurk oargelist binne en yn de tsjerkeried sitte.
3. noch mear ruchtberheid oan dizze dei jaan
4. Sa mar moai troch gear
5. Ik fyn dat der al in soad dien wurdt. Mar miskien dochs mear ferbining, mear mei elkoar?
6. It soe foar ús hiel moai wêze as jimme berikke koenen dat omrop Fryslân geregeld Fryske tsjerketsjinsten útstjoerde. En it alderwichtichste is dat der mei alle Fryske organisaasjes mei-inoar, in ein makke wurdt oan de tanimmende diskriminaasje fan Frysk en Friezen.

Groep Wichtigens 8:

7. Mear publisiteit sykje en probearje jongerein te berikken
8. Inoar stimulearje
9. Fêste rubryk yn it 'Friesch Dagblad' mei nijs en/of in liet út de Krúspunt bondel
10. Soe ik ien twa trije net witte
11. Is prima sa
12. (1) Trening oan minsken fan de bernetsjinsten: Bibelferhalen yn it Frysk fertelle / foarlêze yn in meartalige groep.
13. (2) Wurkwinkels oan diriginten / koarliederes: kanon fan Fryske lieten oefenje yn in meartalige gemeente en dy lieten ek ynhâldlik besprekke: by hokker bibelteksten past dit liet; wat stiet der krekt yn it Frysk, wêr sitte de nuânses yn fergeliking mei it Nederlânsk?
14. (3) Wurkwinkels organisearje foar gewoane dûmnys / foargongers om aanst as proef-foarlêzers de nije Bibeloersetting letterlik te "probearjen" en mei de gemeente te besprekken.
15. In bibelpodcast app lykas 'Bidden Onderweg' of 'Eerst Dit'. Of in app lykas 'Hantsjes yn 'e hichte' mar dan mei bibellietsjes en ferhalen út fryske bernebibels.
16. Akkrum leit foar my moai sintraal, net langer as 16.00
17. It folhâlde
18. Jimme dogge al hiel wat, troch gear sa.
19. Goed stik yn it Friesch Dagblad. Soks kin wol wat faker.
20. Sjen litte dat jim der binne"
21. Minsken noadigje dy wat ynbringe kinne fan bûten de krúspuntkring
22. Foar my neat. Ik bin in Friezinne om utens en draach Fryslân en as eks KFJ lid en KFS lid de Fryske taal en kultuer, benammen yn kristlike rûnten in waarm hert ta! Ik sjoch ek wol dat dit allegearre men te hanthavenjen is en jongelju net yn ferieningsferbân hjir in stipe wêze wolle. Net dat se it Frysk net brûke wolle. Ja, de âlderein stjert in kear út en dan is der gjin

ferwin oan as slute de boel! Spitich, mar dit is sa't it is!! Myn lid wêzen fan Krúspunt is dus eins oars net as betelje en as mooglik der fan meigenietsje! Ik winskje jimme in protte wiisheid ta om de juste wei te finen...! mei help fan... !

23. Wannear't wy it Frysk yn tsjerke stypje wolle dan kin dat troch (mear) aparte Frysktalige tsjinsten, mar ek troch twatalige tsjinsten. Beide talen klinke litte yn eltse tsjinst. Oars bliuwe de Hollânsktaligen thús en ek de Frysktaligen, dy't it Hollânsk de hillige taal fine.
24. It begjin soe wêze kinne it liet foar de tsjinst yn it Frysk. De minsken sa wenne litte oan it Frysk . Talen binne lykweardich en as wy fine dat foar elts de eigen taal wichtich is dan jildt dat foar beide taalgroepen. It Frysk kin sa 'gewoan' wurde en dat berikke wy net mei aparte Fryske tsjinsten.
25. Alle lieten út it nije Lieteboek online sette. Dan ha jo ek de kâns dat ek skoallen fia 'Youtube' de lieten brûke.

Groep Wichtigens 7 en 6:

26. It liket my de baas dat Krúspunt fusearret mei St. Nijkleaster, sadat op it mêd fan Frysk en godstsjinst der ien fikse organisaasje ûntstiet. En der bestjoerlik in groep is dy't it hear oersjocht, taken útbesteget oan lytsere ferbannen binnen de organisaasje. Alleast as it sa is dat Krúspunt net maklik mear op himsels bestean kin. Dy yndruk krij ik troch de oprop by fraach 9. Ik soe net witte of der immen is dy't meihelpe kin, sa goed bin ik net op de hichte.
27. Oanslute by Nijkleaster yn Jorwert en besykje de doelen fia Nijkleaster te realisearjen as Nijkleaster sels ek wol. Krúspunt soe dan in wurkgroep/kommisje fan Nijkleaster wurde kinne.
28. Neffens my is der mar ien mooglikheid om Krúspunt oerein te hâlden: in trochgeand ynspirearjend proses foar jeugd en jongere minsken. As ik earlik bin, soe 'k ek net witte hoe't dat stal krije kin. Mei wurdearring foar wat jim allegearre dogge.

De groep mei wichtigens 2 en 3 jout gjin reaksje.

Konklúzje:

Goede rie om fierders oer nei te tinken.

Gearfetting en diskusje oer hoe fierder?

De enkête ûnder de stipers fan Krúspunt is beäntwurde troch 47 minsken, in kwart fan de stipers. Dizze minsken fine foar it grutste part (mear as 90%) dat Krúspunt in tige wichtige organisaasje is. Dizze groep is dus foar ús de muoite wurch om nei te harkjen.

It is ek dúdlik dat dizze groep de webside net folle brûkt. Minder as ien kear per moanne wurdt dy besocht.

As se de webside brûke, is it om materialen foar tsjerketsjinsten en Kristlike gearkomsten te sykjen. En se fine it faak dreech om dêr te finen wat se nedich ha.

Foar dizze groep is krúspuntdei in goede gesellige en ynformative dei. Foar in tredde part fan de minsken is dy dei oan de lange kant.

De advizen foar ‘Wat soe better kinne? Wat soe Krúspunt oars dwaan moatte?’ binne oardere nei de wichtigens, dy’t takent wurdt oan Krúspunt. Dat jout in bytsje idee oer it gewicht dat wy se jaan moatte.

Dat ha wy sa goed mooglik dien en dan liket it derop dat men foar Krúspunt wol:

1. Mear de publisiteit sykje en mear dwaan mei de media (krante en omrop Fryslân).
2. Mear oparbeidzje (en miskien fusearje) mei dielnimmende organisaasjes.
3. Mear kontakt sykje mei de jongerein en har media better brûke.
4. Us rjochtsje op twatalige tsjerketsjinsten.
5. Mear kursussen organisearje foar de praktyk yn dy gearkomsten.
6. Fia de webside Krúspunt diskusjes begjinne oer yn (tsjerklik) Fryslân wichtige saken.
7. Op ús webside lieten, preken en meditaasjes sette (wêr’t men op reagearre kin?)

En no komt de grutte fraach, wat binne wy mei dit ûndersyk opsketten? It ûndersyk is opset mei de bedoeling om in útwei te finen yn de situaasje fan dit momint.

De grutte trends yn Fryslân binne dúdlik:

1. It Frysk krijt in hieltyd lytser plak yn it libben yn Fryslân. It Frysk dat sprutsen wurdt foar Omrop Fryslân en yn de tsjerken kriget hieltyd mear in Hollânske kleur. As it petear oer oare as persoanlike en family saken giet, fiele je de ûnwennigens fan de sprekkers. Dan heart men in út it Hollânsk nei it Frysk oerbrocht ferhaal.
2. It Kristlik leauwe sa’t it iuwen west hat yn Fryslân, krijt ek in hieltyd lytser plak yn it libben fan ús heitelân.
3. De webside Krúspunt funksjonearret net om groepen yn Fryslân byinoar te bringen. Hast eltse groep hat syn eigen webside.
4. En dizze groepen ha itselde probleem as Krúspunt: in hieltyd âlder wurdende gearstalling.
5. De jongerein is net ree om de iepenfallende plakken yn te nimmen en sa komt it ein fan in kultuer yn sicht.

Yn it kader fan dizze trends is it fansels hertferwaarmjend, dat noch safolle minsken de muoite nimme om har ideeën op papier te setten. De idealen binne noch lang net dea. Dêrom binne safolle mooglik de teksten sa’t se ta ús kamen yn dit ferslach opnaam. De lêzers fan dit ferslach kinne se rêstich yn har opnimme en der har eigen konklúzjes út lûke.

Ien ding is wis: men kin gjin izer mei hannen brekke. De advizen binne moai en ynteressant, mar hoe krije wy it foarinoar om de jongerein en de media derby te belûken mei de minsken dy’t wy hawwe. Mar oarsom kin wol. Men kin wol hannen mei izer brekke.

Mei de grutte trends yn ‘e hân kin men in protte kapot meitsje.

It helpt neat om de moed op te jaan. Der is yn Kristlik Fryslân noch gâns wat geande: Nijkleaster, it Kwartettekoar, Intrada, de stifting Alde Fryske Tsjerken, en noch folle mear.

Al dy organisaasjes moatte elkoar sykje en mei elkoar yn petear. En dit ûndersyk en de webside Krúspunt kin in bytsje foar dat petear helpe. Gjinien wit wat der noch út komme kin. It giet der om dat wy op ‘ús eigen wize’ en ‘yn ús eigen taal’ sa goed mooglik oan de slach kinne. Dan komt it bêste yn in mins nei boppe.

Fryslân, oerein!

As jo op de útslach fan de enkête reagearre wolle dan kinne jo jo reaksje stjoere nei adm@kruspunt.nl